


KOUDE ONTDEKKING.



Deze echte Friesche Berenburg is sinds 1860 in Dokkum
gemaakt. Getrokken van de fijnste kruiden, volgens oer-oud
recept, heeft deze drank een heilzame en opwekkende werking.
Alleen echt met de naam "SONNEMA" 33%

PROEF SONNEMA BERENBURG 'NS IJSKOUD.



RIENTS GRATAMA OP 'E PLANKEN FRIESLAND POST YN'E BUS



Stjûr dizze bon nei: Friesland Post, Antwurdnûmer 100, 8600 VB Snits

IK WOL DE FRIESLAND POST YN'E BUS

Ik nim in abonnemint op 'e Friesland Post, it moanneblêd fan, foar en oer Fryslân, wer 1 de âlde fertroude Fan Fryske Groun yn opnommen is. Ik krij de Friesland Post alle moannen yn 'e bus en as ik wer opsizze wol dan doch ik dat foar 1 desimber.

Namme
 Strjitte en hûsnûmer
 Wenglak Postcode
 Hântekening


Rients Gratama en de Friesland Post lykje in soad op elkoar.


- Lyk as Rients Gratama hat de Friesland Post it oer alles wat mar mei Fryslân te krijen hat
- Lyk as Rients Gratama wol de Friesland Post jim in pear noflike oeren besorgje
- Lyk as Rients Gratama is de Friesland Post foar alleman, foar de hiele húshâlding
- Lyk as Rients Gratama is de Friesland Post foar Fryslân en de Friezen, mar 'bûtenlanners' binne ek wolkom.
- Lyk as Rients Gratama lichtet de Friesland Post in tippe fan 'e (grau) sluier op.
- Lyk as Rients Gratama fine wij dat ús oanhing noch wol wat grutter kin.
- Dêrom: nim no in abonnemint op 'e Friesland Post.



friesland post

Moanneblêd fan, foar en oer Fryslân





TACHTICH yn 'e BOCHT hat fansels hwat mei 1980 út to stean, it jier hweryn dit programma fan start giet.

En ek mei de bocht, dy't wy noch nimme moatte of faeks al heal troch binne. Soks hat fansels yn 't algemien to dwaen mei de gong fan de tiid en de ûnt- of ôfwikking fan de biskaving mar fierder is alles altiten in persoanlike saek, moatte jo tinke.

Of net. Nou dan. Dat woe'k mar sizze.

1980 liket op pepier sa'n fûge mylpeal mar hwat seit jin dat. Elk hat syn eigen mylpealtsjes en dy kinne likegoed stean op 24 juny 1979 as op 12 maart 1983. In mins moat úteinlik sels in bytsje witte hwert er hinne wol. Protte ynstânsjes, it regear foarop, prate deistich en al jierren oer 'duidelijke en gezonde vertrekpunten' mar salang as jo gjin bigryp ha fan hwert se oankomme dogge jo der goed oan in bytsje yn 'e gaten to hâlden hwert joses bliuwe. Elk moat syn eigen bochten troch. Dus.

Derom. Sa sit dat. Hin? Krekt sjesa.

It beesje moat in namme ha.
n't wier?



Rients Gratama, berne yn 1932 to Peinjum, bigoun op 30 april 1957 by Tetman en Jarich.

Derfoar hie er yn 'e molke-export en dernei yn de sûkerwurken sitten, allebeide by renomrearre fryske firma's.

Hawar, op dy keninginnedei '57, moast hy, 25 jier âld, yn ien fan Tetman, syn courante programma's de rollen fan Klaes Westra oernimme. Dat wiene op dy biwuste joun fjouwer tipen: arbeider, heit, skoanheit en pake.

Dernei koe Tetman in bigjin meitsje mei it skriuwen fan rollen dy't Rients op it liif pasten en dat wie it bigjin fan in seldsum rike learskoalle dy't duorre oan 1963 ta.

Doe ûntstie it selskip Rients Gratama yn de organike bisetting fan twa famkes, twa jonges en in pianist.

Trije jier mei wikseljende gesichten mar wol mei Kor Huisman oan de piano.

Yn 1966 ûntstie derút de solo-formule, d.w.s. Rients mei de combo Joop Verbeke, Henk Onderstijn en Karst de Groot.

Dat wie ek de ploech dy't yn de plate-studio ûntdutsen waard troch Wim Sonneveld hwermei ek it hollânsk-talige kabaretgebiet iepengong.

De combo bliuwde mar de gesichten wikseljen alwer nou en dan. Sa sieten nei it boppesteande trio ek noch Jacques Sambrink, Harry Hartmans en Cees Bijlstra jierrenlang yn de tournee-wein. De solo-formule waard ôfwiksle troch it optreden mei ien, in pear of in hiele protte partners, mar krekt hwert it artystyke hert of de mûglikheit of de needsaek nei útgong.


Nederlânsktalige programma's dus, mar ek it frysk koe, mei stipe fan it Fryske Boek, of sa as dizze kear op yniatyf fan it Frysk Festival, nei in tiidsje wer op it aljemint komme. Sa ûntstie der in Groeten uit Pingjum yn beide talen, wylst Ha dy Basken wer in eksklusyf fryske útfiering waard.

En sa koe men al goed 22 jier driuwende bliuwe op it drok bifarde wetter fan de klienkunst, ek al omt de teksten yn haedsaek út eigen atelier kamen en de komposysjes fan de eigen musici, sadat men yn dat opsicht de hân net hoegde op to hâlden.

En sa leit it ek wer mei Tachtich yn 'e Bocht.

Folle nocht.

CAF foer bêst foer



coöperatieve aan- en verkoopvereniging
voor de landbouw in friesland b.a.
leeuwarden



Sinds 1753...
garantie voor kwaliteit





Tusken de skou-doarren



Agoog-1962



Mei Tetman en Jarich



Nou ha wy de hichte

Sjeik Sjoerd fan Arum



Knollentuin



Yn Amerika



Met de schrik vrij



Groeten uit Pingjum




Blauwe maandag

Regen op het bloemkoolcorso



Geen zee te hoog

Ha dy Basken




Pompend remmen

Wurklist

Teksten fan Rients Gratama
op muzyk en arrangeminten fan:

1	Fryslân boppe	John Eskes
2	Skytmerakels	
3	Astou der bist	John Eskes
4	Brún en bergen	
5	Ik mis hwat ik doe hie	Sedaka/Scheele
6	Frijer	John Eskes
7	Wyfke	John Eskes
8	Dokkumer Ee	John Eskes
9	Us beppe	Cees Bijlstra
10	Krystferske	John Eskes
11	Merke	John Eskes

skoft



12	Soms	
13	De famkes fan Alearen	Addy Scheele
14	Bis	John Eskes
15	Lekkens en slopen	
16	Skimer	John Eskes
17	Frjemde dingen	Cees Bijlstra
18	Tachtich yn 'e bocht	
19	Mem	Herman/Scheele
20	De hikke fan de daem	Addy Scheele

It is net sein dat alles krekt sa naeid wurdt as it knipt is.

Fotografearjen en it meitsjen fan lûdsopnames ûnder de foarstelling,
sûnder tastimming, is forbean.

Verstandig met energie



oók met electriciteit



PEB PROVINCIAAL ELECTRICITEITSBEDRIJF IN FRIESLAND
Emmakade NZ 59, Leeuwarden. Telefoon: 05100-94911



tichelaar-makkum

**het waardemerk voor
aardewerk**

... en tegels niet te vergeten



tichelaars koninklijke makkumer aardewerk- en tegelfabriek bv.
werkzaam sinds 1641 8754 zn makkum - postbus 11 - telefoon 05158-1341

Gratis bedrijfsbezigting



John Eskes, berne yn 1951 to Wolvega, is de kapelmaster fan it fjouwer-mans-orkest.

Hy komt út in húshâlding mei in tige muzikale mem (en broers) en in súver a-muzikale heit, dy't him lykwols wol nei de muzyklessen sleepte as er leaver fuotbalje woe.


Fan gefolgen is er nea in great fuotballer wurden mar wol in allround muzikant dy't alle ynstruminten bispilet of bispylje kinne soe, as dat sa yn de kream to pas kaem.

Syn haed-ynstrumint is lykwols de gitaer en der hat er him op de MPA to Ljouwert en dernei op it conservatorium to Zwolle en Den Haag dan ek folslein op talein.

Einliks hat er fan bigjin ôf full-prof musicus west, hoewol de djûre lessen faek bitelle wurde moasten mei hwat er fortsjinje koe mei it sûteljen mei brea en it bisoargjen fan kranten.

As komponist-arrangeur komt er yn it kabaret ek sûnt in pear jier tige dúdlik út 'e ferve mar derfoar hie hy him op dit mêd al úterje kinnen yn û.o. sonates en suites foar gitaer en violoncello, in mis foar great koar en oargel, in gitaerkonsert en in tal fan komposysjes yn it populare flak.

Syn muzikale praktyk roun fan it muzykkorps en it tsjerkeoargel yn Wolvegea, via forskate orkestformaesjes en in gitaerleraerskip oan de muzykskoalle to Boalsert nei hwat er nou allegear docht.



Addy Scheele sil nei alle gedachten frij hwat muoite ha om to lêzen hwat hjir oer him skreaun wurd.

Hy is ommers gjin fries mar komt fan Enschede, hwert hy yn 1949 berne waard as soan fan in fioelespyljende manufacturier en in toanielspyljende mem.

Hy wie yn syn jonge jierren net al to bot enthousiast oer accordeon-, gitaer- en pianolessen, ek al omt dy lessen folge waerden by hwat er neamt 'saaie juffen'.

Doe't er mei syn earste popgroep sukses krige yn Enschede en omkriten kaem er lykwols ta it ynsjoch dat der ek minder saaie juffen binne, guon sels forrekte ynteressant, sadat ek de muzyk mear glâns krige. Dertroch kaem it faeks ek dat er nei in pear jier syn stúdzje ingelsk yn Grins ôfbruts om yn deselde stêd op it conservatorium skoallemuzyk studeare to kinnen. Nei in jiermannich waard oerskeakele op it haedfak piano.

De praktyske tapassing fan syn fakmanskip foun er oant nou ta yn tal fan jazz-formaesjes en oarsoartige muzikale groepearingen.

Sa waard er as orkestlieder al in kear útnoege op in songfestival yn Israël en waard er yn 1978 mei de groep 'Tune-up' finalist op it Larense jazz-poadium.

Hy skriuwt by ús ek in part fan de meldijen en arrangeminten en hat him de fryske klanken al sa bot eigenmakke dat him net folle ûntgiet fan hwat der sa'n joun allegear sein wurd.



Klaas de Vries, Ljouwerter fan de lichter 1949, hat, al hie er noch sa graech wollen, noait om de muzyk hinne kinnen.

Piet de Vries, dy't in protte minsken noch kinne fan syn forneamde accordeonskoalle en as paukenist fan it Frysk Orkest, wie syn heit en sadwaende groeide Klaas op yn in hûs hwert it dak op noatebalken lei en de doar mei de G-kaei iepenmoast.

Muzyk dus, hoewol er dochs even it diploma fan de technyske skoalle helje moast hwant in fak derby, tochten heit en mem, koe gjin kwea.

Mar eink hat er dernei nea wer in wetterpomptange yn'e hannen hawn. Sa'k sei, muzyk. Slachwurk en pauken oan de MPA to Ljouwt, drummer by de 'Meteor Stars' en 'The Unbeatable' en tamboer by it trompetterkorps fan de artillery en by de luchtmachtkapel.

En sa njonkelytsen al wer hast tsien jier slachwurker yn de combo's efter of neist Rients Gratama.

Mei alle oare leden fan de hjoeddeistige bisetting fan dy combo makket hy lykwols ek noch diel út fan de jazz-rock-formaesje 'Victim'.



Frans Span, bassist fan it orkest, kaem yn 1946 to Ljouwert oanspielen op de nei-oarlochske bertegolf.




Hy hat him oan syn definitive kar foar de muzyk ta, skuldich makke oan de meast útienrinnende foarmen fan aktiviteit.

Sa lei yn it begjin de neidruk op de technyske bilangstelling, fan radiotechnyk oant komputerprogrammearring, wylst hy him dernei dwaende hâlden gong mei de stúdzje fan bistjûrswittenskippen to Ljouwert en Den Haag.

Yn dy kwaliteiten wie hy ek in tal jierren amtner yn forskate ôfdielingen fan de gemeente Ljouwert.

Wy ha sadwaende mei Frans in expert yn arbeidsrjucht en oare juridyske saken yn ús formidden en hoewol soks súver freegjen is om swierrichheden hat dat oant nou ta gjin problemen oplevere. Ek al omt de muzyk sûnt 1978 alle oare beuzichheden nei de eftergron triuwde en as full-profession keazen waard.

Derfoar hie de basgitaer eink al syn hiele libben net swak byspile. Sa wie hy, mei Klaas de Vries, ien fan de mannen fan de yn de sechstiger jierren tige forneamde formaesje 'The Unbeatable' en tsien jier letter bassist fan it al net minder populare pop-orkest 'ROAD'.



Will Jofriet, amsterdammer fan it jier 1946, is yn it kabaret fan Rients Gratama de âldste yn tsjinstjierren.



Doe't hy yn 1967 út Amsterdam wei nei 't Hearrenfean reizige om der to sollisitearjen nei in technyske funksje, kaem er ûnderweis yn Ljouwert tafallich Rients tsjin.

Ek wer net sa tafallich, hwant hy is oan de femylje troud, mar omt men elkoar de drompel nou krekt net plat roun ek wer net sa foar de hân lizzend.

Hawar, it kabaret hie him likefolle to bieden as it Fean, mei gâns minder wissichheit fansels mar dat wie nou krekt it punt dat him wol oanluts.

Hy waerd dus toanielmaster, bilêste mei alle technyske rompslomp dy't in foarstelling freget en mei it útdokterjen fan ljocht- en lûdplan.

Unmisber man dy't alle stopkontakten yn alle skouboargen fan Nederlân wit to finen en op'e hichte is mei alle eigenaerdichheden en akkoestyske mûglicheden en ûnmûglicheden fan elke seal.



Harry van Koningsveld, berne yn 1951 to Ljouwert, komt fan oarsprong út it forsekeringswêzen en dat kin ek noait gjin kwea.

Al wer in jiermannich is hy de rjochterhân fan Will Jofriet, sawol yn it theater as op wei derhinne yn it oernimmen fan it stjûr fan de bus mei rekvisiten.

Hy soarget derfoar dat jouns elk ljochtbondeltsje op tiid op syn útkynde plakje delkomt mar sit dat sels yn 't tsjuster to regeljen.

Hwant sokke mannen falle bûten it byld mar binne mei har tarissingen al ûren dwaende foardat de artysten ophuppelje en krekt dogge oft alles fansels sprekt.

Mar ja, seit Harry, wat kant skele, as ju haar mar goed sit!

Meiwurkers:

- ✓ Rients Gratama: wurd en werwurd
- ✓ John Eskes: gitaer, fluit, accordeon
- ✓ Addy Scheele: piano, fenderpiano
- ✓ Frans Span: bas
- ✓ Klaas de Vries: slachwurk
- ✓ Will Jofriet: toanielmaster
- ✓ Harry van Koningsveld: assistint-toanielmaster

Toanielbyld en lûd: Will Jofriet

Ljocht: Will Jofriet, Harry van Koningsveld

Klaeiïng: Ton Verheugen

Untwerp programmaboekje en tekeningen: Geart Gratama

Foto omslach en pertretten: Johan Witteveen

Oare foto's: Frans Popken, Henk Kuiper, Henk Pothoff, Dick van der Heijde,

Joe Friezer, Leeuwarder Courant, Friesland Post

Biwegingsadvizen: Lia Corvers

Sakelike lieding:

b.v. Internationale Concertdirectie

Ernst Krauss


Prinsengracht 14, Amsterdam

Til: 020-222244 en 221400

Foar tekstideeën binne wy tank forskuldige oan: Jan J. Bylsma.

Fierders binne opset en útfiering fan it programmaboekje mûglik makke troch de útjower fan de Friesland Post, it fryske moanneblêd út Snits.





Yn it hert fan Fryslân

As greatste regionale bank achtet de Friesland Bank it op syn wei to lizzen de ûntjowing fan Fryslân mei to stipelearen. Meidat gâns partikulieren út alle lagen fan de bifolking op dit stuit har sparjild by dizze bank ûnderbrocht hawwe, kinne hjir in poarsje yndustryen, oerheitsynstellingen, kulturele organisaesjes, sikehuzen, wenningen ensfh. har jildsaken boarderje litte. It is dêrom in goed ding dat Jo in bankrekken iepenje by dizze regionale bank, dêr't de Fryske omstannichheden bikend binne en rêwilligens bistiet om de pleatslike en provinsiale bilangen to tsjinjen.

Friesland Bank

jou eigen bank



Festingen de hiele provinsje oer.

19

Heronfdekt door Rients Grafama, Pingjumer Beerenburger



Getrokken naar
oud Pingjumer recept,
op kalmoeswortel,
dovenetel, jeneverbes,
mierikwortel
en vele andere
geneeskrachtige
kruiden uit het
Friese waterland.

**Boomsma Distilleerderij
Leeuwarden**

Edisonstraat 4, telefoon 05100-35135

Boppe lean- of ynkomstegrins? KIES DAN DE VGNN FOAR IN PARTIKULIERE SYKTEKOSTEFORSEKERING

De "Vereniging Gezondheidszorg Noord-Nederland" is in ynstelling sûnder winsteachmerk, dêr't goed 180.000 forsekeren by oansletten binne. Dit makket it mooglik útwreide pakketten tsjin lege preemjes oanbiede to kinnen.

Foar mear ynformaesje kinne jo de bon ynfolje

Ynformaesjebon

Dizze bon yn in tichte slúf stjûre nei Antwurdnûmer 221, 9700 VB Grins. Sûnder postsegel.

Namme

Adres

Wenplak

Tel.

Tal folw. Leefityd

Tal bern oant 16 jier

Tal bern fan 16 oant 27 jier
studearjend of ynvalide

underlinge waerboarchmaetskippij

"vereniging gezondheidszorg noord-nederland" u.a. VGNN


Centrale Administratie / Zuiderpark 4-5 /
9724 AD Groningen / Tel. 050-183350

Foar yndividuele, kollektive en studinteforsekering



Foar in bitroude
forsekering
tsjin alle syktekosten

radio fryslân



Middeis: om healwei ienen Jouns : om seis ûre

De fraech is leau 'k op twa manieren to stellen:

– Hat Rients Gratama as kabaretier fan bitsjutting west foar de regionale omrop yn Fryslân?

– Hat Radio Fryslân as omrop fan bitsjutting west foar Rients Gratama? Ik tink, dat it beide kearen 'ja' is, ek al moatte wy soks net oerdriuwe fansels. It is net maklik to mjitten, mar hwat wier is moat wier bliuwe: Rients en Radio Fryslân (earder as Rono-ôfdieling) ha al hast tweintich jier mei elkoar to meitsjen. En altyd yn 'e bêste forhâlding, fan Rients noait in wanklank.

Fan it programma 'Hjerstbledtsjes' yn 1961 oant en mei de opname yn 1980 fan 'Tachtich yn 'e bocht' leit ommers in hiele wrâld fan teksten en lietsjes, fan oefenjen en opnimmen, fan kabaret en willemeitsjen. Radio Fryslân hat forskate programma's op 'e bân, en stjurt der geregeldwei ûnderdielen fan út: 'Ratata' (1968/1969) – 'In Karkefol Wille' (1969) – 'Flinterknippe' (1971) – 'Groeten uit Pingjum' (1972/1973) – 'Blauwe Tiisdei' (1974) – 'Ha dy Basken' (1977) en 'Tachtich yn 'e bocht'.

En ús archyf telt in ûnbidich tal fan lieten en allerhande konferenses út 'e tiid doe't Rients noch in skruten broekje op 'e planken wie, mar ek fan de lêste jierren, nou't er in great publyk hat en noch altyd ré is om oan syn kwaliteit by to skaven.

In kabaret-man pur sang, in entertainer fan formaet, dy't neat tofolle wie om syn kinnen en kunsten út to bouwen en sadwaende lange jierren kloften minsken formakke hat. En mooglik oan it tinken set. Yn it Frysk en yn it Nederlânsk, ek al sil it Fryske publyk Rients yn it Frysk better fine. Eigener. Typysker. Sfeartreffender. Taelfeardiger ek.

'Tachtich yn 'e bocht' jowt yn elts gefal it gefoel, dat Rients noch net oan 'e ein fan syn latyn is, ek al komt Abraham yn't sicht.

Ut namme van Radio Fryslân
Klaas Wielinga.